




# **Nije grinzen, nije kânsen**

Koälysje-akkoart 2018-2022  
CDA, SAM en FNP



GEMEENTE  
**waadhoeke**

## Ynhâldsopjefte:

1. Foarwurd	5
2. Algemien	6
3. Minsken	9
4. Wurk	13
5. Omjouwing	17
6. Taheakke : beëage kolleezje	21

# Foarwurd

Nei de ferkiezings fan 22 novimber 2017 ûndersocht ynformateur Fred Veenstra de mooglikheden foar it foarmjen fan it earste kolleezje fan Waadhoeke. Syn advys wie in koalysje fan CDA, SAM en FNP neier te ûndersykjen. Under begelieding fan formateur Theo Joosten berikten dy fraksjes oerienstimming oer in ynhâldlik akkoart en de gearstalling fan in kolleezje. Foar jo leit it resultaat fan dy formaasje: *nije grinzen, nije kânsen!*

Mei grutskens en betrouwen presintearje wy ús ambysjes foar Waadhoeke. Ambysjes dy't ús as koalysje ferbine. Ambysjes dêr't wy út wei, tichtby en mei de maatskippij oan wurkje wolle. Want boppe-al is dat wat ús koalysje ferbynt: ús fyzje op *nei-oan bestjoere*, op hoe't wy as gemeentebestjoer yn 'e maatskippij stean wolle. Waadhoeke moat in gemeente wêze dy't oanslút op de krêft, de kennis en de inisjativen út de mienskippen. In gemeente fan belutsen en tsjinstbere bestjoerders en amtners dy't *mei* de maatskippij wurkje oan de opjeften en kânsen yn de maatskippij.

By *nei-oan bestjoere* past in koalysje-akkoart op haadlinen. Ofhinklik fan it tema en de opjefte fariearret ommers de rol dy't de maatskippij fan ús freget. Ofhinklik fan it tema en de opjefte fariearret ek oft wy it as gemeentebestjoer binne dy't belied ûntwikkelje en útfiere, oft wy dat mei-inoar dogge of oft somtiden krekt (earst) de maatskippij oan set is. Dêrom binne wy yn dit akkoart konkreet yn oanpak en maatregels op tema's dêr't dat sûnder twivel ús rol is. Op oare tema's beheine wy ús bewust ta mear algemiene ambysjes en yntinsjes, om't wy belied en útfiering mei en út de maatskippij wei ûntwikkelje wolle.

Sa bouwe wy mei ynwenners, bedriuwen en organisaasjes fierder oan Waadhoeke.

*Caroline de Pee (CDA)*

*Govert Geldof (SAM)*

*Jan Dijkstra (FNP)*

# Algemien

It oerdrachtdokumint<sup>1</sup> dat de fjouwer 'littende' gemeenterieden ús meijoegen, sketst de opjeften en ûntjouwings dêr't wy as Waadhoeke foar steane. Wichtich dêryn binne de demografyske ûntjouwing yn ús gebiet, de dêroan relatearre sprieding fan foarsjennings en de opjeften oangeande duorsumens. Utdagings dy't freegje om ynnovative oplossings.

Oer de útdagings wienen de doedestiidske gemeenterieden it breed iens. Wy sille se hjir dan ek net werhelje. Hoe't wy oan dy opjeften ynfolging jouwe, is bewust oan de nije gemeente(ried) oerlitten. It ynkleurjen begjint yn dit koalysje-akkoart. Under de tema's *minsken, wurk en omjouwing* beskriuwe wy foar elk terrein en opjeften ús ambysjes: wat we berikke wolle en wat we dêrfoar dwaan sille.

Wy beheine ús yn dit koalysje-akkoart ta de haadlinen. Wy freegje it kolleezje dit út te wurkjen yn in kolleezje-programma en dêrnei yn de ramtbegrutting foar 2019, mei op grûn fan de finansjele mooglikheden dy't de desimber- en maaisirkulêre fan it ryk biede.

*Bestjoer & organisaasje* en *finânsjes* sjogge wy as betingsten foar en stypjend oan de ynhâldlike opjeften en besprekke wy dêrom net ûnder *minsken, wurk en omjouwing* mar foarôf.

De gearstalling en beëage portefúljerferdieling fan it nije kolleezje is bysletten (taheakke).

## Bestjoer en organisaasje

Waadhoeke wol *nei-oan bestjoere*. Wy wolle ús ûnderskiede yn hoe't wy mei de maatskippij wurkje oan de opjeften en kânsen yn 'e maatskippij. De koarte linen dy't de doedestiidske gemeenten sa karakterisearren, wolle wy behâlde. Untwikkelje en útfiere fan belied dogge wy (fansels ôfhinklik fan de opjeften) *mei* de maatskippij en dêr't dat mooglik is nimme wy tûkelteammen wei.

It betsjut dat ús tsjinstferliening persoanlik, tichtby en online is: we jouwe útfiering oan de fêststelde Tsjinstferlieningssyfje<sup>2</sup> en sjogge dy as paadwizer foar de needsaaklike ûntjouwing en profesjonalisearring fan de organisaasje en bestjoerskultuer.

It betsjut dat doarps- en wykfyzjes by útstek de inisjativen út de maatskippij binne dêr't wy (ek finansjeel) romte foar jaan wolle. It betsjut ek dat doarpen en wiken harren 'eigen' wethâlder en koördinator hawwe. Fierders betsjut it dat wy trochgean wolle mei it belûken fan de jongerein by de gemeente mei in jongerein-ried.

Foar de opjeften dy't Waadhoeke oerstiigje, wurkje wy regionaal gear. Us nije posysje yn besteande gearwurkingsferbannen pakke wy aktyf op. Wy binne wol kritysk op bestjoerlike drokte en oerlaap, bygelyks oangeande de streekagenda en de stedsregio Ljouwert. Dêr't wy gearwurkje dogge wy dat om en út de opjeften wei, net om de gearwurking op himsels.

<sup>1</sup> Overdrachtdocument toekomstvisie Waadhoeke, weryndielingskommisje 21 novimber 2017.

<sup>2</sup> 'Persoonlijk, dichtbij en online, hoe de gemeente Waadhoeke in 2025 met de gemeenschap samenwerkt', fêststeld yn de gemeenterieden fan it Bildt, Menameradiel, Littenseradiel en Frjentsjerteradiel yn juny 2016.

As it giet om de sosjale tsjinst, is ús útgongspunt helder. De gemeenteried fiert beliedsmjittich de rezjy en jout stjoering oan de útfiering, mei as doel tichtby de ynwenners en nei aard en skaal tsjinsten te ferlienen. Ut dat perspektyf wei giet ús foarkar út nei it ûnderbringen fan de Sosjale Tsjinst Noardwest-Fryslân by Waadhoeke. Dat leveret fersterking op fan de keten.

Utgongspunt is dat Waadhoeke foldwaande 'massa' hawwe moat (en dus grut genôch wêze moat) om mei in eigen Sosjale Tsjinst, ek yn 'e takomst, alle tsjinsten adekwaat te leverjen. In bredere skôging op dy materie is fanneden en kin ta oare konklúzjes liede. Sjoen de ympakt is neier ûndersyk nedich. De posysje fan de gemeente Harns en de eilannen freget yn dit ûndersyk bysûnder omtinken.

## Finânsjes

De earste begrutting foar Waadhoeke waard 'going concern', dus sûnder nij belied, taret. Der leit in slutende mearjierrebegrutting<sup>3</sup> mei in posityf saldo fan € 1.186.000 yn 2018 ôfrinnend nei in oerskot fan € 524.000 yn 2021. Om op basis fan de proseduere in struktureel begruttingslykwicht hanthavenje te kinnen, kieze wy foar in budzjet foar strukturele winsken fan € 262.000 op jierbasis.

Yn de begrutting 2018 reservearje wy foar nije inisjativen € 1,2 miljoen yn in doarpe- en wikefûns foar 2018 o/m 2021. Yn 2018 wurkje wy oan harmonisaasje fan de kritearia foar bydragen út dat fûns. Fierders nimme wy foar de perioade 2018 o/m 2021 in ferheging fan de subsydje foar it ynstânholden fan de Koornbeurs op as trefpunt foar amateur- en profesjonele kultuurbeoefening. Oar nij belied ferwurkje wy fia de reguliere planning & control-syklus yn de programmabegrutting 2019.

<sup>3</sup> Konsept programmabegrutting 2018-2021, weryndielingskommisje 21 novimber 2017.



## Minsken

**Minsken foarmje de mienskippen, de maatskippij. Sintraal yn dit tema steane ús ambysjes binnen it sosjaal domein, ûnderwiis, kultuer, taal en sport. De sterke sosjale kohesje, de hoemannichte oan frijwilligers en it goed organisearre ferieningslibben karakterisearje de mienskippen yn Waadhoeke. Wy binne ryk oan kultuer, meartaligens en histoarje.**

### Wolwêzen en (jeugd)soarch

*Wat wolle wy berikke?*

- Profesjonele gebietsteams (basisteams) dy't effisjint wurkje en maatwurk leverje;
- Stipe, begelieding en ûntlêsting fan mantelsoargers en frijwilligers;
- Tagong ta soarch dy't ienfâldich regele is;
- Pro-aktive oanpak fan earmoed en sosjale problemen.

*Wat sille wy dêrfoar dwaan?*

- Us gebietsteams:
  - tinke út de klant wei: wat kinne minsken (noch) sels?;
  - leverje maatwurk binnen ûnbehindere budzjetten;
  - geane út fan betrouwen: maatwurk sa regellij mooglik: dêrta besteande regeljouwing beoardielje op nut en needsaak;
  - sykje sa nedich oplossings bûten besteande kaders (middels en produkten) en yn ferbining mei ketenpartners lykas plysje, hûsdokters, ferhierders, skuldeaskers;
  - sette sosjale netwurken yn wyk of doarp yn by maatwurkoplossings;
- Monitoarje fan klanttefredenens;
- Periodyk ûndersykje fan it ferlet fan stipe by mantelsoargers en frijwilligers en soarch drage foar passende stipe;
- Soargje foar dúdlike ynformaasje foarsjenning oer tagong ta soarch foar helpfregers en harren omjouwing (famylje, buorlju, doarps- en wyknetwurken);
- Jaan fan eksperimintearromte om as it nedich is te kiezen foar (radikale) oplossings om problemen by de oarsaak oan te pakken, benammen mei skuldsanearring;
- Kontinuearje fan it saneamde Bern-pakket foar skoalreiske en sport.

### Statushâlders

*Wat wolle wy berikke?*

- Goede begelieding en yntegraasje fan statushâlders;
- Foldwaande beskikbere wenten foar statushâlders.

*Wat sille wy dêrfoar dwaan?*

- Fuortsette fan de gearwurking mei ketenpartners, dêr't maatskiplike begelieding en inisjativen rjochting wurk sa fluch mooglik yn begjinne, safolle mooglik yn oansluting op kânsen yn of om eigen doarp en buert hinne;
- Ynfolling jaan oan de taakstelling hûsfesting fan statushâlders by wenplannen yn gearspraak mei wenningkorporaasjes.

## Partisipaasje

*Wat wolle wy berikke?*

- Mooglikheden foar groepen mei ôfstân ta de arbeidsmerk fersterkje;
- Meidwaan oan de maatskippij troch elkenien;
- Minder letterswakte.

*Wat sille wy dêrfoar dwaan?*

- Behâlde fan it oanbod foar groepen mei ôfstân ta de arbeidsmerk en ûndersykje hoe't dat op lange termyn finansjeel hâldber organisearre wurde kin: oare organisaasjefoarmen en oare gearwurkingspartners slute wy dêrby net út;
- Befoarderje fan maatskiplike staażes;
- Subsidiearje fan it digy-taalhûs mei ekstra omtinken foar ynwenners dy't net digitaal feardich binne.

## Underwiis

*Wat wolle wy berikke?*

- Goed berikber basisûnderwiis ferspraat oer de gemeente, as dat fanneden is mei gearwurkingskoaden;
- Behâld fan fuortset ûnderwiis yn de gemeente;
- Takomstbestindige ûnderwiishûsfêsting;
- Meartalich ûnderwiis;
- Minder skoalútfal.

*Wat sille wy dêrfoar dwaan?*

- Fyzje ûntwikkelje, mei ûnderwiispartners, op goede berikberens fan ûnderwiis en ûnderwiishûsfêsting;
- Meiwurkje oan behâld fan fuortset ûnderwiis yn 'e gemeente; ûnder oaren troch it fersterkjen fan de oanlûkingskrêft fan ús fuortset ûnderwiis foar sterke ynbêding yn de regio troch it konsept learwurkplein;
- Fasilitearje fan ûnderwiispartners yn it ynsetten fan fernijende en eigentiidske learmiddels foar meartalich ûnderwiis;
- Mei skoallen (en gebietsteam) ynsette op oanpak fan skoalfersom.

## Kultuer

*Wat wolle wy berikke?*

- Behâld fan oantreklike musea en foarsjennings, it Bildts aigene, amateur- en profesjonele kultuerbeoefening.

*Wat sille wy dêrfoar dwaan?*

- Yn stân hâlde fan de Koornbeurs as knooppunt foar amateur- en profesjonele kultuerbeoefening;
- Subsidiearje en profielearje fan oantreklike musea (ek út toeristysk-rekreatyf perspektyf wei). Ferbine mei projekten fan de Stichting Bestemming Noardwest;

- Profielearje fan Frjentsjer as akademystêd dêr't it útwurkjen fan de yntinsjeferklearring om de Frjentsjerter Akademy ûnder falt;
- Stypje fan it inisjatyf Keninklik Eise Eisinga Planetarium op de Wrâlderfgoedlist;
- Untwikkelje fan in taal- en kultuernoata, ynklusyf:
  - stimulearje fan kultueruterings dêr't it Bildts aigene in plak yn hat en hâldt;
  - subsidiearje fan muzyk, sang en toaniel (ek út eachpunt fan sosjale kohesje en leefberens): foarearst net beknoptsje op subsydzje, by harmonisaasje fan belied benammen aktiviteiten dy't bydrage oan sosjale kohesje wurdearje;
  - organisearje fan in kultuer- en sportwike Waadhoeke.

## Taal

*Wat wolle wy berikke?*

- Behâld en fersterking fan de (unike) meartaligens yn Waadhoeke.

*Wat sille wy dêrfoar dwaan?*

- Befoarderje en stypje fan it brûken fan it Frysk en Biltsk en omtinken foar it Frjentsjerters;
- Untwikkelje fan taal- en kultuernoata;
- Fasilitearje fan de Kommissje Meartaligens dy't soarget foar in meartalige lesbrief foar alle skoallen yn 'e gemeente;
- Hoedzje en noedzje fan de Stichting Bildts Aigene;
- Wurdearje fan it Frysk, Biltsk en Frjentsjerters yn (doarps)kranten of websiden mei in priis.

## Sport

*Wat wolle wy berikke?*

- Brede sportbeoefening (om sûnens en partisipaasje) op en yn betelbere takomstbestindige en berikbere sportfoarsjennings.

*Wat sille wy dêrfoar dwaan?*

- Untwikkelje fan in Sportnoata, ynklusyf:
  - ûndersyk, mei 'it fjild', nei it sportferlet fan ynwenners;
  - it fraachstik sprieding fan foarsjennings yn relaasje ta demografyske ûntjouwings;
- By de harmonisaasje fan behear en ûnderhâld fan sportfoarsjennings oanslute by de mooglikheden fan ferienings (maatwurk);
- Ynsette fan buertsportcoaches ta it stimulearjen fan de breedtesport;
  - ûndersykje op hokker dielterreinen yntinsivere ynset komme moat (by de start fan Waadhoeke is foar in minimumfariant keazen);
  - ferbine mei it sosjaal domein;
- Organisearje fan in kultuer- en sportwike Waadhoeke, ynklusyf:
  - in jierlikse ferkiezing fan sportfrou, -man, -ploech, -talint en -kader fan it jier;
  - bysûnder omtinken foar Fierljeppen, Keatsen, Frysk damjen en Koaitsjetipeljen.



## Wurk

**Wurk** beskriuwt ús ambysjes oangeande de ekonomy. De pylders dêrfan binne yn Waadhoeke de hannel, yndustry en tsjinstferliening en de lân- en glêstúnbou op it plattelân. Groei fan toerisme en rekreaasje biedt nije kânsen foar wurkgelegenheid en yn it ferlingde dêrfan it foarsjinningsnivo en de leefberens.

### Wurkgelegenheid

*Wat wolle wy berikke?*

- Gemeentlike sifers op it mêd fan wurkgelegenheid en wurkleazens better mar minimaal gelyk oan it provinsjaal gemiddelde.

*Wat sille wy dêrfoar dwaan?*

- Stimulearje fan it fêstigjen fan nije bedriuwen (benammen) op de besteande bedriuweterreinen;
- Sykje nei mooglikheden en leverje fan maatwurk by winsken fan besteande bedriuwen;
- Fuortsette en ferstevigje fan it O3 (ûnderwiis, ûndernimmers & oerheid) projekt: stimulearje fan ûnderwiis om opliedings goed ôf te stimmen op kwalifikaasjes en ferlet oan persoanen fan de bedriuwen yn 'e regio, benammen yn 'e sektor technyk en soarch;
- Fasilitearje fan fluch ynternet yn it bûtengebied (wite oanslutings en grize oanslutings op de rûte) sadat bedriuwen gjin beheiningen ûnderfine en it gebiet ynteressant bliuwt of wurdt foar nije bedriuwen;
- Stimulearje en fasilitearje fan yntinsivere gearwurking tusken wurkjouwers en it sosjaal domein.

### Undernimmersklimaat

*Wat wolle wy berikke?*

- In klimaat dêr't ûndernimmers yn ûndernimme kinne, der romte is foar ideeën en ynnovaasje;
- Yn de MLB-meter wolle wy yn 2020 op syn minst yn 'e top 10 fan Fryslân stean.

*Wat sille wy dêrfoar dwaan?*

- Organisearje fan netwurk- en ynspiraasjebyienkomsten;
- Ferkenne, mei ûndernimmersferienings, fan 'e mooglikheid fan in ûndernimmerspriis;
- Undersykje, mei ynwenners en ûndernimmers, hokker kânsen oft de omjouwingwet biedt;
- Omtinken hawwe foar goed ûnderhâld fan bedriuweterreinen;
- Hantearje fan in oanbestegingsbelied mei foldwaande omtinken foar lokale ûndernimmers en social return;
- Ynsette fan ferskillende ynstruminten en aktiviteiten om it relaasjebehear en de kommunikaasje mei ûndernimmers te yntinsivearjen; soargje foar goede stipe en koarte linen;
- Stypje fan startende ûndernimmers mei bygelyks it ûndernimmersprogramma.

## Fitale keapsintra

*Wat wolle wy berikke?*

- Behâld fan oantreklike winkelgebieten yn Frjentsjer en Sint-Anne.

*Wat sille wy dêrfoar dwaan?*

- Aktyf belied fiere om leechstân te beheinen;
- Soargje foar fleksibiliteit yn bestimmingsplannen, sadat útwiksel fan funksjes flot mooglik is;
- Utfiere fan de spearpunten fan binnenstêd-management yn Frjentsjer;
- Op basis fan de ûndersyksresultaten nei de problematyk fan it winkelbestân yn Sint-Anne in ferfolch jaan oan 'e útkomsten fan dat ûndersyk.

## Lânbou

*Wat wolle wy berikke?*

- Romte foar duorsume ûntjouwring fan de agraryske bedriuwen.

*Wat sille wy dêrfoar dwaan?*

- Romte biede foar útwreiding/skaalfergrutting mei omtinken foar romtlike kwaliteit. Hantearje fan de me-toade Nije Pleats om fyzje op takomstige ûntwikkeling fan in bedriuw fêst te stellen;
- Foldwaande romte biede om ta in passende nije ynfolling te kommen fan agraryske bedriuwen dy't leech komme te stean;
- Stimulearje fan ynnovaasje en duorsumens.

## Glêstûnbou

*Wat wolle wy berikke?*

- Behâld en fersterking fan de besteande glêstûnboulokaasjes;
- Utweiding fan glêstûnbou fynt plak ûnder de yn de Struktuerfyzje glêstûnbou neamde betingsten.

*Wat sille wy dêrfoar dwaan?*

- Romte biede foar de fierdere ûntjouwring fan de glêstûnbou by Seisbierrum (konform de Struktuerfyzje glêstûnbou) mei de betingst dat der foldwaande omtinken is foar romtlike kwaliteit (lânskiplike ynpassing), ljochtútstjit en de ûntsluting. By útwurking ek omtinken foar duorsumens, ynnovaasje en minsken mei in ôfstân ta de arbeidsmerk;
- Benutte fan de ynwreidingsmooglikheden yn Berltsum.

## Toerisme

*Wat wolle wy berikke?*

- Groei fan rekreaasje en toerisme; de regio Noardwest-Fryslân oanlokliker meitsje foar toerisme; mear besikers liedt ta mear wurkgelegenheid en mear bestegings.

*Wat sille wy dêrfoar dwaan?*

- Fersterkje en befoarderje fan de groei fan de sektor rekreaasje en toerisme;
- Untwikkelje fan in Toeristyske Noata yn 2018, ynklusyf ûndersyk fan mooglikheden foar:
  - inisjativen as bûtendyks fytse (Harns – Swarte Hoanne);
  - bettere promoasje Noardlike Alvestêderûte;
  - realisasje fan ekstra camperplakken;
  - de tagong fan de toer fan 'e Martinitsjerke;
  - behâld fan histoaryske boere- en tsjerkepaden en ûnderbringe yn in (kuier-)arranzjemint, keppele oan kultuer-toerisme ('stepping stones');
- Trochgean mei it finansjeel stypjen (foarearst) fan de Stichting Bestemming Noardwest en Merk Fryslân.





# Omjouwing

**Omjouwing** giet oer de ambysjes foar ús libbensomjouwing. Polders, diken en ikkers, wrâlderfgoed de Waadsee, monumintaal Frjentsjer en de karakteristike (terp)doarpen: mei-inoar typearje se ús gebiet. Se jouwe Waadhoeke de romtlike kwaliteit dy't ynwenners en besikers sa wurdearje. Sintraal yn dit tema steane it behâld fan dy romtlike kwaliteit en de opjeften oangeande leefberens en duorsumens.

## Ferkear

*Wat wolle wy berikke?*

- In goede berikberens en feiligens.

*Wat sille wy dêrfoar dwaan?*

- Ynsette op behâld fan treinferbining Harns – Ljouwert, ynklusyf de stasjons dy't der no binne;
- Ynsette op behâld en dêr't dat mooglik is ferbreiding fan alle oare iepenbier ferfersfoarsjennings, lykas de bus;
- Stypje fan inisjativen foar alternatyf ferfier lykas de bus Hin' & Wer;
- Undersykje fan mooglike kombinaasjes fan WMO-, learlinge- en iepenbier ferfier;
- Soargje foar feilige diken en fytsrûtes, ek yn relaasje ta it lânbouferkear;
- Oanbiede fan ferkearsedukaasje foar sawol jongere as âldere ferkearsbrûkers, mei spesifyk omtinken foar (grut) lânbouferkear.

## Grienbehear

*Wat wolle wy berikke?*

- In foar de bewenner akseptabel nivo fan grienûnderhâld;
- Safolle mooglik duorsum grienbehear.

*Wat sille wy dêrfoar dwaan?*

- Untwikkelje fan in grienbehearplan dêr't omtinken foar duorsumens en boargerinisjativen yn is.

## Miljeu/duorsumens

*Wat wolle wy berikke?*

- As gemeente in foarbyld wêze foar duorsum hannelje dêr't wy by stribje nei in enerzjy-neutrale gemeente yn 2040.

*Wat sille wy dêrfoar dwaan?*

- Untwikkelje fan in aksjeplan duorsumens/miljeu (mearjierrich) yn relaasje mei enerzjystrategie NW-Fryslân;
- Untwikkelje, mei ketenpartners, fan in yntegrale fyzje op boaiembehear, dêr't omtinken yn is foar it sâltich wurden fan de grûn, boaiemenerzjy, grûnwetter en it tsjingean fan gas- en sâltwinning op lân;
- Befoarderje fan sinnepanielen op bedriuweterreinen en oare bebouwing, yn prinsipe net brûke fan produktive agraryske grûn foar sinnegreiden;

- Behâld fan it unike tsjustere gebiet troch it kritysk beoardieljen fan ljocht yn it bûtengebjet;
- Oanwize fan in koördinator duorsumens;
- Befoarderje fan natoer- en miljeu-edukaasje;
- Fairtrade-gemeente wurde;
- Soargje foar mear laadpeallen foar elektrysk ride en oare foarsjennings foar duorsom riden.

## Wenje en omjouwing

*Wat wolle wy berikke?*

- Fersterking fan it unike karakter fan Waadhoeke.

*Wat sille wy dêrfoar dwaan?*

- Dielnimme oan de Pilot 'Omjouingswet en ûndernimme'<sup>4</sup> yn Noardwest-Fryslân;
- In ynventarisasje meitsje fan de behâldenswaardige pannen en lânskipseleminten yn 'e gemeente mei it each op eventueel monumintebelied;
- Befoarderje fan foldwaande en betelbere wenten foar jongerein en âlderein;
- Befoarderje fan kombinaasje fan wenjen en soarch mei it each op langer selsstannich wenjen;
- Mei ûndernimmers soargje foar foldwaande adekwate húsfêsting foar wurkmigranten;
- Foarkar jaan oan ynwreiding boppe útwreiding;
- Oanpakke fan 'rotte kiezen' (fertutearze pannen en gebieten);
- Fasilitearjen fan werbestimming fan leechsteande pannen;
- Soargje foar goede tagonklikens yn iepenbiere romte en gebouwen foar minderfaliden;
- Fasilitearje fan fluch ynternet yn 't bûtengebjet (wite oanslutings en grize oanslutings op de rûte) sadat ynwenners gjin beheinings ûnderfine en it gebiet ynteressant bliuwt of wurdt om te wenjen.

## Feiligens

*Wat wolle wy berikke?*

- In feilige maatskippij.

*Wat sille wy dêrfoar dwaan?*

- Untwikkelje fan in fyzje op feiligens mei ynwenners en ynstânsjes, oanslute by de leefberensmonitor;
- Sterk meitsje foar it behâld fan de plysjeburo's.

## Leefberens

*Wat wolle wy berikke?*

- In hege wurdearring fan de leefberens;
- Sosjale yntegraasje fan âlderein en kwetsbere groepen;
- Moetings- en boartersmooglikheden foar jeugd.

*Wat sille wy dêrfoar dwaan?*

- Ynstelle fan in doarpe- en wikefûns. Dêrfoar doelstellingen en kritearia fêststelle;
- Fasilitearje fan sosjale moetingssplakken en deibesteging foar âlderein en kwetsbere groepen yn doarpen en wiken, of ferfier nei in plak tichtby;
- Stimulearje fan moetingssplakken foar de jeugd yn doarpshuzen en MFA's;
- Fasilitearje fan boartersmooglikheden;
- Duldzje fan jongereinketen, mitsdat in alternatyf yn doarpshûs of MFA ûntbrekt en ûnder strange betingsten.

<sup>4</sup> De pilot 'Omjouingswet en ûndernimme' komt foart út it inisjatyf rûn regelfrije sônes fan de Commerciële Club Noordwest Friesland (CC-NWF). De Omjouingswet treedt nei alle gedachten op 1 jannewaris 2021 yn wurking, mar yn de pilot dogge we asof dizze al yn wurking treden is en wurkje oerheden, ûndernimmers en bewenners mei inoar oan goede oplossings foar romtlike knyp punten, op basis fan betrouwen.



## Taheakke

beëage gearstalling en portefúljeferdieling op haadlinen  
kolleezje fan boargemaster en wethâlders

### CDA: 2 wethâlders (1,8 fte):

*Caroline de Pee*

- Finânsjes
- Sport
- Ekonomyske saken
- Lânbou en glêstúnbou
- Rekreaasje & Toerisme

*Nel Haarsma*

- Wenjen & Leefberens
- Underwiis
- Wurkgelegenheid
- Fergunningferliening, Tafersjoch en Hanthavenjen
- Koördinearjend portefúlgehâlder doarpen en wiken

### SAM: 1 wethâlder:

*Boukje Tol*

- Sosjaal Domein (3 D's)
- Statushâlders
- Ferkear en ferfier
- Jeugd en jongerein

### FNP: 1 wethâlder:

*Jan Dijkstra*

- Romtlike oardening (Omjouwingswet)
- Behear iepenbiere romte
- Taal
- Kultuur, erfgoed, monuminten en musea
- Doursumens & miljeu



